

Observearjen fan

skriftlik ferslach (ynformatief)

Domein: skriuwen

Tekstfoarm: lange teksten (ferslach)

Funksje/doel: beskriuwe, ferklearje

Nivo RrF: B1

Observaasje-ynstrumint Skriftlik Ferslach

Namme: Datum:

SJENRE-SKAAIMERKEN

- (1) ●-----●-----●
De tekst befettet amper feitlike ynformaasje (mar mieningen, fantasy) De tekst befettet sa no en dan gjin feitlike ynformaasje De tekst befettet allinnich feitlike ynformaasje
- (2) ●-----●-----●
In protte needsaaklike ynformaasje foar de lêzers ûntbrekt Sa no en dan ûntbrekt needsaaklike ynformaasje foar de lêzers Der wurdt foldwaande ynformaasje foar de lêzers jûn
- (3) ●-----●-----●
De ynformaasje is net goed De ynformaasje is sa no en dan goed De ynformaasje is goed
- (4) ●-----●-----●
It ferslach befettet gjin ynhâldlike ferdjipping (bgl. taljochting, útlis, foarbylden) It ferslach befettet sa no en dan ynhâldlike ferdjippingen It ferslach befettet in protte ynhâldlike ferdjippingen (bgl. taljochting, útlis, foarbylden)
- (5) ●-----●-----●
De tekst is ynhâldlik sûnder ferbân De tekst is sa no en dan ynhâldlik gearhingjend De tekst is ynhâldlik gearhingjend
- (6) ●-----●-----●
It ferslach hat gjin ynlieding It ferslach hat in ynlieding dêr't in bytsje dúdlik yn makke wurdt wêr't it ferslach oer giet It ferslach hat in ynlieding dêr't dúdlik yn makke wurdt wêr't it ferslach oer giet
- (7) ●-----●-----●
It ferslach hat gjin slot Der is in oanset ta in ôfsluting fan it ferslach It ferslach hat in dúdlik slot
- (8) ●-----●-----●
It ferslach hat gjin titel Der is in titel, mar net passend foar it ferslach Der is in passende titel foar it ferslach

Algemiene TAALGEBRUKSSKAaimerken

(1)

Taalgebrûk past net by doel en ûntfanger
Taalgebrûk past min of mear by
doel en ûntfanger
Taalgebrûk past by doel en ûntfanger

(2)

Der binne gjin alinea's sichtber yn de tekst
Hjir en dêr binne alinea's
sichtber
It ferslach is dúdlik yndield yn alinea's

(3)

Ferbiningen tusken sinnen en alinea's binne
hielendal net markearre troch sinjaalwurden
of ferwiiswurden
Ferbiningen tusken sinnen en
alinea's binne soms korrekt
markearre troch sinjaalwurden
en ferwiiswurden
Ferbiningen tusken sinnen en alinea's
binne korrekt markearre troch
sinjaalwurden en ferwiiswurden

(4)

In protte sinnen binne grammatikaal net
korrekt
De sinnen binne soms
grammatikaal net korrekt
De sinnen binne oer it algemien
grammatikaal korrekt

(5)

Der binne in protte
staveringsflaters
Der binne soms staveringsflaters
De staving is korrekt

(6)

Der is gjin ynterpunksje yn de tekst
Der is ynterpunksje oanwêzich,
mar dy is faak net korrekt tapast
De ynterpunksje is oer it algemien
korrekt